



De Stifting Fryske Akademy docht wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân en leveret dêrmei in kritysk-opbouwende bydrage oan it ynternasjonale wittenskiplike debat en oan hoe't de mienskip him ûntjout.

Al is de Fryske Akademy oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) learre, it ynstitút sit stevich yn de regio bewoartele.

Yn gearwurking mei de Universiteit van Amsterdam binne wy op syk nei

twa promovendy foar twa projekten

Funksje ynformaasje

De Fryske Akademy biedt yn gearwurking mei de Universiteit van Amsterdam twa promoasjeplakken foar fjouwer jier op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. Ast op syk bist nei in nijsgjirrich wurkplak dêr'tst selsstannich ûndersyk dwaan kinst en dêr't belangstelling foar de Fryske taal ferbûn wurdt mei eigentiidsk ûndersyk oan ien fan de Europese topuniversiteiten op it mêd fan Taalwittenskip, dan biede wy no twa unike mooglikheden. Troch de gearwurking fan FA en UvA krijst tagong ta in sterke, ynternasjonale ûndersyksomjouwing en tagelyk ta spesjalistyske kennis oer Fryslân en de Fryske taal. Wy biede twa plakken om twa fan fiif mooglike ûndersyksprojekten dy't yn de projektbeskriuwing 'The Remarkable Resilience of Frisian' beskreaun wurde, út te fieren (taheakke by dizze advertinsjetekst). Do skriuwst yn fjouwer jier in proefskrift oer ien fan de fiif ûnderwerpen út de projektbeskriuwing Dêrfoar binne wy op syk nei kandidaten dy't goed thús binne yn de Fryske taal – foar in pear projekten op native nivo – en in eftergrûn yn of dúdlike affiniteit hawwe mei de taalkunde of letterkunde (histoaryske taalkunde/filology, fonology/fonetyk, taalfariaasje, taalsosjology/ sosjolinguiestyk).

Funksje-easken

- in mastertitel mei treflike sifers yn in oanbelangjend fakgebiet;
- fereaske talekennis: sjoch de projektbeskriuwingen;
- treflike akademyske skriftlike en mûnlinge feardichheden;
- goede sosjale en organisatoaryske feardichheden;
- grutte belangstelling foar in wittenskiplike karriêre.
- oanfoljende easken per projekt steane yn de projektbeskriuwing.

Ynljochtingen

Foar mear ynformaasje kin kontakt mei prof. dr. Arjen Versloot opnommen wurde; hy sil as earste promotor fan dit projekt optrede: mailadres: a.p.versloot@uva.nl.

Website: www.fryske-akademy.nl

Stânplak

De promovendy komme foar in part by de Fryske Akademy yn Ljouwert en in part by de Universiteit van Amsterdam te wurkjen. Yn oerlis en mei each foar dyn persoanlike omstannichheden sil dat oer dy fjouwer jier tusken de 40 en 60% yn Ljouwert of Amsterdam wêze. De promoasje is oan de UvA.

Oanstelling

De promovendy wurde foar in perioade fan 4 jier oansteld. Yn earste ynstânsje wurdt in kontrakt fan 1 jier oanbean, mei in ferlinging foar de folgjende jierren op grûn fan in evaluaasje fan, ûnder mear, in skriftlik ûndersyksresultaat. Wy biede in foltiidske promovendus-oanstelling (38 oeren wyks) foar 4 jier, leafst begjinne op 1 april 2022.

It salaris is, by in folsleine oanstelling, yn it earste jier € 2.443,- P skaal 0 smoarch yn 'e moanne, oprinnend oant € 3.122,- smoarch yn it lêste jier. Geunstige arbeidsbetingsten hâlde yn: fakânsjeyild en einjiersútkearing, neffens de cao Nederlandse Universiteiten. Wy biede in rom pakket fan sekundêre arbeidsbetingsten.

Ferskaat & Ynklysy

De FA achtet in wurkomjouwing wêryn't elkenien him wolkom en wurdearre fielt fan grut belang. In wurkomjouwing dêr 't omtinken yn is foar yndividuele kwaliteit en dêr 't ûntwikkelmooglikheden foarop steane. Mei-inoar stribje wy nei in ynklusive kultuer dêr 't wy ferskillen yn omearmje. Wy nûgje dan ek graach kandidaten út dy 't troch harren eftergrûn en ûnderfining hjiroan in bydrage leverje wolle. By gelikense geskiktheid giet de foarkar út nei de kandidaat dy 't it ferskaat binnen de FA op dy wize fersterket.

Sollisitaasjes

Do kinst sels ien of twa fan de fiif ûnderwerpen útkieze, dêr'tsto fan tinkst dat dat it bêst by dyn kennis en feardichheden oanslút. Do skriuwst oer it ûnderwerp fan dyn kar in ynhâldlike skôging fan likernôch 500 oant heechstens 1000 wurden, dêr'tst dyn fizy op it ûnderwerp en de oanpak beskriuwst. Dêrneist ûntfange wy fan dy graach in persoanlik motivaasjebrief en in CV, in oersjoch fan behelle diploma's en behelle sifers, in relevante ûndersykspaper en/of masterskripsje, mooglik mei in publikaasjelist en ien of twa referinsjes.

Op basis fan dy stikken nûgje wy kandidaten út foar in petear. It earste petear sil *online* plakfine. Ut dy earste seleksjeomgong selektarje wy maksimaal 4 kandidaten (foar de twa plakken tegearre), dy't frege wurde om in wiidweidiger projektútstel yn te tsjinjen. Details dêrfoer sille yn dat stadium bekend makke wurde.

Sollisitaasjes foar 7 febrewaris 2022 ynstjoere nei de Fryske Akademy, foar Nora Pratley, P&O-adviseur:

<https://www.academictransfer.com/308153/>

Sollisitaasjepetearen binne pland yn de wike fan 14 febrewaris.



Akwisysje nei oanlieding fan dizze advertinsje wurdt gjin priis op steld.